

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 32




© Foto útjouwerij van der Meulen bv, Snits

## Tsjaerddyk 32

Pietje Hilbrands Boschma wennet fanôf har berte yn 1833 yn Folsgeare mar ferhuzet yn 1872 nei Easthim. Se fielt har dêr net thús en wol werom nei Folsgeare, Yn 1876 keapet se fan har jongste broer Jouke Hilbrands Boschma in stikje ûnbeboude grûn oan 'e Tsjaerddyk mei kadaster nû 739.( letter Tsjaerddyk 32) Se lit dêr in hûs bouwe en kin no wenje yn in omjouwing dêr't se opgroeid is en de minsken ken.

Pietje Hilbrands trout yn 1880 mei Jan van Netten en it hûs oan 'e Tsjaerddyk komt yn 'e ferkeap. Rinke Douwes Reitsma keapet it hûs foar syn skoanmem Yke Ruurds Abma. Yke wennet oan 'e Tsjaerddyk oant se stjert yn 1893.



Folsgeare 1887

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 32

---

Nei it ferstjerren fan Yke Ruurds wurdt der boelskieding holden en komt it hûs yn it besit fan Rinke Douwes Reitsma. It hûs wurdt ferhierd, mar bliuwt yn eigendom fan de famylje Reitsma. Hinke Rinkes Reitsma en har man Albert Jans Twijnstra ervje it hûs yn 1903 en wolle it ferkeapje. Yn novimber 1904 keapet Rients Hiddes Frankena it hûs, mar it komt pas frij yn 1905.

Rients Frankena is troud mei Antje Jorritsma en is boer op de pleats Tsjaerddyk 29. Se ferhúzje yn 1905 mei de bern Hidde en Willem nei Tsjaerddyk 32. Wannear't de bern de doar út binne, genietsje Rients en Antje fan harren âlde dei oant Rients Frankena op 8 oktober 1917 stjert. Antje wennet fuortoan allinne yn it hûs..

Jurjen Sweering en Tjitje Feenstra trouwe yn 1923 en sette harren ta wenjen yn'e helte fan in dûbele arbeiderswente nêst Walma State dêr't Jurjen as arbeider wurket. Yn 1924 wurdt soan Hendrik berne en yn 1927 folget Wybren. Jurjen kin in nije baan krije by Rintje Boschma op Tsjaerddyk 31. Hjirfoar is it geunstiger om wat tichterby te wenjen ynstee fan alle dagen hinne en wer te rinnen. No is rinnen op himsels net in beswier want syn heit Hendrik Sweering rûn alle dagen fan Folsgeare nei Bons dêr't hy by de boer wurke. Foaral de sneins wie bytiden in 'rindei'. Hy rûn moarns nei Bons om te melken, dêrnei werom nei hûs. Hurd ferstrûpe en dan nei tsjerke. As der preek wie yn Abbegea of Easthim kaam der noch in kuier by. Thús wer omstrûpe en dan middeis wer nei Bons om te melken en wer werom nei hûs.



Om 1932 hinne: De bern op'e dyk steane foar it hûs fan Tjitje en ien dêrfan is Wybren Sweering.

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 32

---

As Jurjen Sweering heart dat Antje Frankena Jorritsma ferhúzje wol, docht hy in bod. Mar har nije hûs komt earst yn maaie 1929 frij. Dit is gjin beswier foar Jurjen en Tjitje en de keap is sletten.

Jurjen en Tjitje ferhúzje al begjin 1928 mei de bern Hendrik en Wybren nei it doarp. Jurjen wennet no tichtby syn wurkjouwer Rintje Boschma en Tjitje wennet flak by de winkels.

Yn 1929 ferhuzet Antje Frankena nei Nijlân, Hendrik en Wybren krije der dat jier noch in suske Trijntje by en yn 1931 in broerke Pieter.



Soan Pieter en heit Jurjen by de keallen yn it Marlân.

foto db Folsgeare

De bern geane it hûs út. Wybren is frijfeint, bliuwt thús en soaget foar syn âlden. Jurjen Sweering stjert op 15 novimber 1983 op 87-jierrige leeftyd en Tjitje Feenstra op 5 januaris 1992 op de hege leeftyd fan 95 jier.



foto Atse Bruin

Op de foto hat it hûs in foartúntsje mar dat hat net altyd sa west. Doe't it hûs boud waard, stie it mei de nêstlizzende wenningen yn deselde roailine. Nei de sloop en it wer opbouwen fan de wenningen nêst Tsjaerddyk 32 komme dizze huzen op de roailine te stean fan it earste stik Tsjaerddyk en kriget de wenning in túntsje.

# Dorpscanon van Folsgeare

Tsjaerddyk 32

Wybren ferstjert yn 2019 ( 92 jier).

It hûs wurdt ferkocht en wurdt fan binnen yngreven ferboud.

Yn de foargeande jierren is it ynterieur frijwol altyd gelyk bleaun.



âlde ynterieur



## Colofon

*Tekst: Atse Bruin*

*Bewurking en oersetting: Wytske Heida*

*Foto's: Atse Bruin, Wytske Heida, útjouwerij van der Meulen bv, Snits, db folsgeare*

*Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsene. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.*